


Romtereis

Tekst & muzyk
Geartsje Douma



Ik mei-tsje in rom-te-reis. Ik bin hiel lang ûn-der-weis. En at ik de loft yn-gean
draach ik as - tro - nau - te - klean. Nei de moan - ne, nei de moan - ne. Wol - sto
mei yn de ra-ket? Nei de moan - ne, nei de moan-ne. Nei de moan-ne, dat it fet!

- 2 Wy ha in pompoenepak.
Op de broek sit foar 't gemak
grutte bûsen, dat is soad.
Yn dy bûsen past in soad.
- 3 Broek en shirtsjes geane mei,
foar it sporten elke dei.
Uren wurkje w 'ús yn 't swit.
Sa bliuwe wy sûn en fit.
- 4 Einlings is de reis foarby
Boem, boem, boem, dêr lande wy,
feilich en hielendal sûn,
op de moanne, op de grûn.

refrein: Nei de moanne, nei de moanne.
Allegear yn de raket.
Nei de moanne, nei de moanne,
nei de moanne, dat is fet!

Refrein: Gimmestykje, gimmestykje
dogge wy yn de raket.
Gimmestykje, gimmestykje,
gimmestykje, dat is fet!

Refrein: Op de moanne, op de moanne
stappe wy út de raket.
Op de moanne, op de moanne
kuierje, dat is hiel fet!